

FERSLACH JIERGEARKOMSTE KRÚSPUNT 13 APRIL 2013

Op sneon 13 april 2013 wie de fjirde jiergearkomste fan de Stifting Krúspunt. De gearkomste begûn yn De Lantearne yn Akkrum en waard mei de priisútrikking foar it nije Pinksterliet en de fiering fan in fesper ôfsluten yn de Terptsjerke

It tema wie: 'De Geast sprekt alle talen'. Yn de útnoeging waard oer dat tema sein:

'Op de jiergearkomste fan 2012 is der troch seis fertsjinwurdigers fan pleatselike tsjerken stil stien by it brûken fan it Frysk yn harren gemeente. Troch útwikseling fan ideeën wie it doel om in praktyske hânwizer foar pleatselike gemeenten te meitsjen. It ôfrûne jier is Krúspunt oer dy hânwizer te set gien en hat tagelyk ek in foarbyldprogramma foar in gemeentejûn makke. Hânwizer en foarbyldprogramma wurde op 13 april taljochte en presentearre. In stikmannich sjongers fan it kwartettekoar binne dêrta ek útnoege.'

Nei de ynrin mei kofje en tee iepene foarsitter Hinne Wagenaar de gearkomste om 13.30 oere.

Der wiene sa'n 50 minsken oanwêzich. Mei in ferwizing nei de folder fan it Pinksterpaad fan Nijkleaster lies er de tekst fan it liet oer de Geast: 'Sy sit as in fûgel...'

Nei de iepening folget 'Krúspunt saaklik'. Tytsje Hibma ljochtet it jierferslach ta en wiist op de spearpunten. Piet Miedema jout útlis by it finansjeel ferslach, û.o. oer de oerdracht fan KFS nei Krúspunt, de 400 euro yn it reservefûns foar nije lieten en it 'pinehollestikje' fan it KFS. Thea Steringa-Jansen en Willem Noordhuis hawwe de kaskontrôle dien en de sifers goedkard. Takom jier sil dhr. Sipke Huismans meidwaan oan de kaskontrôle.

Hinne Wagenaar betanket Eelke Goodijk en Tytsje Hibma, dy't ôfskie nimme as bestjoersleden. Douwe Gerbens is ree om noch in jier oan te bliuwen as bestjoerslid ôffurdige troch de KFFB. As nije kandidaten foar it bestjoer wurde Jan Poutsma (Deputaatskip Fryske Earetsjinsten) en Geart van der Heide (YKFE) foarsteld. De gearkomste stimt yn mei de ferkiezing fan dizze bestjoersleden.

Eelke Goodijk en Warner Veltman presintearje it foarbyldprogramma foar in gemeentejûn mei as tema: 'De Geast sprekt alle talen - Oer meartaligens yn de tsjerklike gemeente.' It wurdt in tige oansprekkende en oansteklike oere, mei in libbensechte presintaasje:

- iepening: it Pinksterferhaal yn 4 talen, in gebed út it Tsjinstboek en sjonge mei it Kwartettekoar (Bemoediging, Frede foar dy, Gods Wurd is ús in lampe, Nim my oan)
- in koarte ynliding op it tema mei in komysk toanielstikje
- it ynfoljen fan in fragelist (dê't noch in petear yn groepen by kin)
- in koarte plenaire ympresje, dê't ferskate ideeën nei foaren komme
- in ôfsluting mei wer lieten fan in delegaasje fan it Kwartettekoar (Kom as it tsjuster is, Ubi Caritas, Grien waakst út de ierde) en in gebed út it Tsjinstboek

Opmerkings:

- Set it foarbyldprogramma (mei scorelist) op Krúspunt yn fjouwer talen: Frysk, Biltsk, Stellingwerfsk en Hollânsk.
- Punt 9 út de score-list moat wat dúdliker.
- sykje foar in tsjerkeblêd in redaksjelid dy't it Frysk machtich is (binne der korreksjes nedich, gean dan nei www.goedfrysk.nl)
- stimylearje en wurdearje (!) it as men besiket Frysk te praten mar it noch net sa goed doart/kin
- by punt 21: fertel wat de ferwachtings fan de gemeente binne; freegje om yn pastoraat frysk te praten; it inisjatyf net oan de kandidaat oerlitte

Omfreegjen:

- Toos Reichman bringt de groetnis oer fan it Frysk Bûn om Utens.
- Stjoer tenei de stikken foar de jiergearkomste oer de mail.
- It Kwartettekoar betanket Krúspunt omt se in hoeke op it webstee krije kinne

- Paul Hekstra hat in dichtbondel fan Marije Haaima-Hoekstra oerset en kin in eksimplaar útdiele.

Nei de kofje en tee geane we nei te Terptsjerke foar de priisútrikking foar it nije Pinksterliet. Ut namme fan de sjuery (Alex Riemersma as taalkundige, Edna Zwerver as teologe, Olchert Clevering as musikus) die Alex ferslach en kundige oan dat it liet 'Fan himelheech waait fjoer en wyn' as bêste liet nei foaren kaam. Dêrnei koe Toos Reichman de earste Bernard Smilde-priis útrikke oan de skriuwster fan it nije Pinksterliet: Margryt Poortstra. Jan de Jong hat der yn koarte tiid in setting by makke, it kwartettekoar hat dat oefene, Geart van der Heide wie beskikber as pianist en sa koenen wy op dizze middei meiinoar dit nije liet ta klinken bringe.

As lêste wie der in fesper û.l.f. fjouwer leden fan it Ferbân fan Fryske Foargongers, dat dit jier 60 jier bestiet: Ellert Jongstra as liturg, Wietske Tinga as lektor, Warner Veltman as foarsjonger en Paul Hekstra as sprekker. It Kwartettekoar song mei yn de fesper en Geart fan der Heide spile piano.

Nei in ynspirearjende middei gongen de minsken optein wer op hûs oan.

Tytsje Hibma